

In Man in Minske: ^{Vr.V. 14-2.64} oerflakkich-wol lêsber

Durk van der Ploeg, dy't oan nou ta *'binammen as dichter en as skriuwer fan koarte forhalen bikend wurden wie'*, (efterflap), hat him nou oan in roman weage. Net alhielendal sûnder súkses moat ik sizze, ek net hielendal súksesfol, moat der fuortendaliks by.

De roman fortelt it relaes fan in houlik, dat tusken Jan en Tsjits, in houlik dat fan de miet ôf oan einliks al mislearre is. Der hawwe altyd in heap kreauwerije tusken dy twa west, mar as Jan op in dei mei pensioen fan it fabryk thús komt, ûntstiet der op'e iene of oare wize in krisis, dy't liedt ta de dea fan Tsjits. Jan konkludearret dan, dat der gjin dea guod baes wêze sil, en bigjint, meije wy oannimme, in nij libben.

Dizze roman fan Durk van der Ploeg lit him flot lêze. De skriuwer wit de oandacht fan de lêzer goed fêst to hâlden, men kin sels sizze, dat dizze roman lang net sûnder spanning is.

De karakters komme ek knap út de ferve, al haw ik myn biswieren tsjin de wol hwat al to neidrukke-like 'skeldersnatuer' fan Tsjits, en ik kin my boppedat net goed yntinke, dat Jan krekt op de dei fan syn pensioennearing foar it earst tsjin har yn opstân komt.

Der wurdt troch de skriuwer hjir en dêr wol suggerearre, dat er it noait 'noflik' foun hat, mar fan diedlik forset is foar dy dei gjin sprake. De omslach yn Jan syn site-waesje komt sa wol hwat al to bot

'In Man en in Minske', roman fan Durk van der Ploeg, útjown by Utjowerij Laverman N.V., yn'e rige fan De Fryske Paperbacks, Drachten, 1968.

96 blêdsiden.

Omslachûntwerp fan de skriuwer.

'De Fryske Bibleteek', nr. 113.

oan, wylst Tsjits har réaksjes op Jan syn dieden hwat al to neidrukkelik de 'skelderige' kant it neist bliuwe.

Foar in part komme dizze 'wan-klanken' fuort út it brûken fan de nou-tiid, leau ik. De nou-tiid noaget ommers út ta in réportaezje, ta it wjerjaen fan it feitlik barren. It is wier, de authenticiteit wint sadwaende, mar de needsaeklike fordjippings en eftergrounen komme troch sa'n konsekwint folhâlden fan de nou-tiid maklik yn'e fordrinking. Troch de aktualiteit wurde de lêzers sa ynformaesjes ûnthâlden, dy't dochs wol réliëf oan de stoarje jaen kind hiene.

Dochs moa ik sizze, dat *'In Man en in Minske'* my nêr ôffallen is. Durk van der Ploeg hat mei dizze roman hwat oerflakkich, mar tige lêsber en boeiend débutearre.

TJITTE PIEBENGA